


Begrutting 2026 yn ien eachopslach

Mei-inoar ynvestearje is wichtich foar Fryslân. Yn 'e begrutting stiet wat de provinsje yn 2026 ferwachtet te besteegjen en yn te barren. Sadree't Provinsjale Steaten de begrutting yn novimber 2025 goedkarre, kin it bestjoer yn 2026 mei it útfieren fan it belied úteinsette.


De 7 programma's op haadlinen

1	2	3	4	5	6	7
Ynfrastruktuer	Natuer en Lânbou	Romte en Klimaat	Ekonomy en Mienskip	Bestjoer	Bedriuwsfiering	Oare útjeften
- Mei-inoar op wei nei feilich, flot en fossylfrij reizgjen yn 2050 - Ferkearsfeilichheid foarop: nul ferkearsdeaden yn 2040 as doel - Fryske diken, brêgen en farwetters feilich en sterk - In sterker OV en mear minsken op 'e fyts	- Mear natuer: realisaasje Natuurnetwerk Nederland - Lânbou takomstbestindich én yn balâns mei natuer - Gebietsrjochte oanpak yn 'e mande mei boeren, ynwenners en partners	- Nije omjouwingsfisy: romte foar wenjen, enerzjy en natuer - Fryslân fossylfrij yn 2050: enerzjytransysje folop yn gong 22.387 ekstra wenten fôár 2030 - Klimaatbestindich wetter- en boaiemsteeem yn ûntwikkeling	- De helte minder nije grûnstoffen yn 2030; folslein sirkulêr yn 2050 - Yn brede wolfeart, ynnovaasje en duorsume ekonomy ynvestearje - Sterk kultuer oanbod en beskerming fan de Fryske taal - Leefberens fuortsterkje fia it lepen Mienskipsfûns mei fokus op it ferduorsumjen fan fêstgoed	- Sterk en betrouber provinsjebestjoer - Gearwurking mei gemeenten en partners fuortsterkje - Oanpak ûndermining en tapassing Wet Bibob	- Heldere stjoering op ambysjes en organisaasjedoelen - Sterke organisaasje mei goede foarsjennings en kapasiteit - Digitale transysje foar bettere tsjinstferliening en bedriuwsfiering	- Tafoegings oan provinsjale reserves foar lettere útjeften - Algemiene dekkingsmiddels

Wêr komt it jild wei?



Wêr giet it jild hinne?



* Taljochting reserves

Troch in hegere útkearing út it Provincjefûns groeit de reserve (VAR) fan 'e provinsje. Yn de ramtnota stie de reserve oan 'e ein fan 'e bestjoersperioade (yn 2027) noch op €209,5 miljoen. Yn de begrutting is dat bedrach mei €7,9 miljoen omheech gien, wêrtroch't de reserve oan 'e ein fan de bestjoersperioade (yn 2027) op €217,4 miljoen útkomt. Dêrby wurdt hieltyd útgien fan in minimale reserve fan €10 miljoen.